

JIERGONG



JIERGONG

F E R S E N

FEN

A. R. SCHOLTEN

YNSET.

Nou biidzje iere maitiidsblommen
hjar wankend bloeijen, ûnbiskromme,
wylst wynsels brekkend iepengean . . . ;
it stille libben, det yet slomme
fielt huverjend: nou scil it komme
ta nij en ynliker bistan!

Nou wint it ljocht, det ier en dimmen
fen moarntiids skimerjende kiemmen
oer skruten skaden hoeden giet,
in glâns, mear djip en ûnbidimme. —
En hear, ynienen sjongt der immen
syn nije langst út yn in liet!

«FRUHLINGS ERWACHEN.»

I

Hommels briek winter út ta'n gouden dei . . .
It strakke swirk stie spand en skier bilitsen
— as dêr 't opkroppe leed syn nearens lei
oer hiel in wêzen, oan 't yn slim gegei
fen wylde snokken alle druk waerd britsen;
ynienen foelen need en boeijens wei: —
sa briek de winter hommels yn ien dei.

Nou is it âlde wei — hwet wier 't ús hiem! —
Mar ús wankt maitiid, maitiid allerwegen!
De loft is lij, de hege winen krieme
en 't ljocht falt rij, eft fjurren lôgjend grieme
oer alles grille gloede yn fûle fegen.
Dochs woen' wij wol yn alle rykdom skrieme:
it âlde det forgie, 't wier ús sa hiem . . .

De nije bloei, dy't nou oer alles teach,
is oer ús frjemd-forsleine herten sonken.
De dwelmige rook, dy't ta de groun útweag'
wielt troch ús sinnen as ien wylde fleach
en makket ús sa weak, sa wif; sa dronken,
sa't der in ril fen weelde ús bifleach:
de nije bloei, dy't oer ús libben teach!

II

It wier to wachtsjen — dochts kaem 't dy oer 't mat . . .
Sânt is it dy sa huverich om it herte.
Sa frjemd en nij wier it bilibjen, det
nou oer dy kaem; dû wist' net hwet dy derte.
Dû wierst dysels . . . dochts koest dyselme net . . .
Ho woun dy dizze bitterswiete smerte?

En it bisette dy ien amerij :
it wier, efst swymjend lâns in ôfgroun rounste ;
efst sweevjend boppe djippe kolken, frij
fen eigen grinzen, wider himel wounste.
En do 't de têddens fen 'e sûs foarbij
dreau, wier 't efstû in libben nij bigounste.

En skruten giest' earstoan it nije paed
en droechst dyn rykdom hoeden yn dyn hannen.
Dû wist' it heimich wâljen fen in saed,
en 't noegjend nûnderjen troch rike stannen.
En stiloan hat in stege driuw dy laet
ta swider bloei fen ûnbineamde lannen!

III.

Dû bist mei gauwens sechstjin simmers âld
en troch de lêste skoallejierren hinne.
En Memme rie en Heite strang biwâld:
forsmytst se fier: dû kinst it nou allinne!
Nou bist in man: de boikes litt' dy kâld!
(Ho iensum'st bist, moat men net riede kinne.)

Op it krewei brûkst warden wakker steil.
Bist rou en rûch op bûrren bij de maten.
Sims, yn 'e joun, bist bluisterich en geil
en doarst ek al oer frouljue mei to praten.
Mar lykme allinne sikest meast dyn heil
as dy de oaren al to wreed forstaetten . . .

Den biste tiden stil en stymisk en strús
en hat in druk dyn wyldsîn gâns bironge.
Den longerest fier fen hûs nei 't eigen thús
en woest wer wêze Memme lytse jonge.
Stil mimerjend ean'st hwet fen Memme krús:
mar djip yn soargen kin in Mem yet sjonge!

Nou 't alle hechte hâld dy sims ûntsonk
en dy de fûle maitiidsstoarmen founen
bûten de skûle fen in feilich honk,
en aloan wer dy wrakseljend forwounen . . . ;
dochs jimmeroan in ljochte dream dy wonk
en strieljend winken bleau yn sterke stounen,

sprekke dyn eagen stil fen leed en striid
en fen it foarst bidjipjen fen 'e siele . . .
Hja stoarje great fen fiere langst en wiid,
om 't hja hwet ûnbineambers wanken fiele
oer alle dei: oermiette great en swiid . . .

— — — — —
Hwa mei dyn iensum heuk'rich hert skewiele . . .

DE JONGFEINT.

Ien feech wyt ljocht — sa breek him libben's súvrens
yn slett'ne siel . . . Hij hat it hongrich heind . . .
— Nei wyld gewraksel hied'er skou sims skeind
hwet er syn wet wist . . . en mei skoftich húvrjen
wier er fen tsjustre driuw bitiisd . . . forsleind . . . —
Nou sjucht er 't paed; en . . . det syn taek net eint,
hij fielt it mei in djip en bliid fornúvrjen:
de wiffens wiek; nou is er wijd ta feint.

Hwent nije glâns is oer syn dagen kommen,
dy't twang noch twivel 'm mear sa licht ûtnimm'.
Yet wit er striid to wanken, swier en slim,
mar 't each is nou de grille loaits binommen
en strieljend yn in stindich-stille glim
wint djipper libbensblidens stal en stim.
Hy hat yn eigen need de rop fornommen:
nou krijt it andert klearder klam yn him.

Sims rint er foar myn finsters lâns to sjongen;
den giet 'r ynmoedich wer syn wisse wei.
Syn geve wêzen hat myn drege dei
ta blidens, lyk in blom ta bloeijen, twongen.
Ho iepen wint syn wird de bern, as mei
in teare taest er 'n sprek fol waermens sei . . .
Genegen tankj' ik, om 't dy bliere jonge
gol hwet genede, ek oer myn libben lei.

OPSTANNING.

In woun' lyk bliedt it feale Easten iepen
en yn ús herten skrynt it reade ljocht . . .
Allyk in wirge fûgel stjerrend fljucht
wjukk't nou de lêste slomme fen ús sliepen.

In reauntsjend rûzjen klaget troch de reiden:
Nachts lêste skimer, dy 't in skûle socht;
hwent 't reade fjûr hat ús de dage brocht;
hij flagget wiidút oer de keale greiden!

De nije dei scil sûnder bloed en triennen
net skomjend útbrekk' oan it Fryske strân.
De nije maitiid scil oer 't âlde lân
sûnder de felle dea net bloeije kinne . . .

Wij sjugge de binearing om ús hinne:
hjr is ús herte, hjir ús jonge hân!

APRILDEI OM UTENS.

Fennijs spat wer yn sprút bij sprút
de maitiid oer de beammen út
ta rike wielde,
nou 't er, nei riten njûr en skrousk,
it libben rynsk en goederjowsk
wer wâljen fielde.

Oer al hwet stil to wachtsjen stiet
tynt as in heech en himelsk liet
fennijs it wûnder;
in lije stream fen libben fjûr
sjit loften troch en fjilden oer,
spielt alles ûnder;

en skomjend wielt in wyld jûchhei
nou as in dronken melodij
oer alles hinne:
— ho scil in herte, wirch en kâld,
in herte, foar syn jierren `âld
dit drage kinne? —

Den, bij 't forsiljen fen 'e dei
rûgelt in ripe rein, stilwei
yn licht petearjen . . .
en slimmeroan, yn soele joun,
fitert de rook fen farske groun
ta fûl bigearjen :

sa 't feinten mei in long'rijend lûd
it frjemde driuwen fen hjar bloed
weeld'rich útsjonge . . .
Op 't iensum paed, bij in stille daem
bolje in bluisterige faem
en 'n wylde jonge . . .

— — — — —
Sa scil de maitiid, sikerwier,
oer 't fiere Fryslân ek dit jier
fennijs wer rize!
Nou 't klear de klyster yn 'e joun
wer de forgotten lûden foun
fen d' âlde wize.

BLOEIJENDE KASTANJES.

Yn Mæiije' mylderjende dage
stiet bloeijend in kastanjebeam!
It is, eft tûzen hannen drage
de tûzen kearsen ta in hage
fen feestlik ljocht bilâns de seam!

En meidet dûnjend yn it bûnte
strewel de sinne reader sonk,
is it, eft eltse kears bigoun to
strieljjen, nou 't oer de rynske rounte
fen bloeisel reade gloede blonk.

Ik fiel, der is hwet greats op kommen
det rounom al syn glâns oer leit:
ik haw myn moaiste feestklean nommen,
myn hûs rûkt swiet fen nagelblommen:
't is alles ré for dij, myn breid! —

En steatlik bloeije, as op in kandler,
kastanjablossums yn 'e joun.
In iensum swalker dreamt, as fandl'er
hwet 't eigen herte bea, en den der
syn kears fen langstme barnend foun . . .



MAITIID.

Nou 't it wer maitiid is en soele loften
wer swier en dwelmich hingje oer hûs en hôf;
nou 't bounzjend 't jonge bloed, rynsk yn biloften
sjongt mei in wylde wize ús sinnen dôf;
en nei oerdwealske riten, sims bij skoften
ús hert frjemd wifket twisken bliid en drôf . . .

mei 't it de swiere wyn fen lije sinne
en rook fen ripe groun to stjarpich dronk;
nou 't w' yn ús langstme net mear hirde kinne
de hiemens fen in fêst en feilich honk:
nou swalkje wy en woll' dy kriteren winne
dêr 't ús it heimich nije bloeijen wonk.

Djip bloeit de blidens yn dyn ljeave eagen
en oer dyn hier leit goud en libben ljocht!
Wylst der myn fingers licht trochhinne reagen
en 'k patsjend wer hjar sêfte seine socht,
woun ús it hillich wûnder, det yn weagen
fen djip en great ûnthjit ús ta'noar brocht.

Nou binne wy oan 't triljend ljocht bisibbe
det wer fennijs oer alle lannen giet!
De wrâld is fen itselde fjûr bilibbe
det troch ús bloed nou fûl syn weelde stjit!
Ien gloede is 't, dy't ta de groun útstribbet
ta blêd en blom, en dy't torane lit

it long'rjen fen twa lichems ta ien lôge,
dêr't elts salang lâns iens'me wegen doarm'.
Ta ien woest lok wird' wy togearre tôge
op wylde wjukken fen in sterke stoarm
en lizze ryp en ré yn ljeafde's heechste bôge!

Den rûz't de rein, wylst stil, yn sill'ge drôge,
it nije libben tynt ta stal en foarm.

CZARDAS.

I

In lije joun, en 't jonge moed
to lichter op 'e doele . . .
In dertne wylds in yn ús bloed
fitert in âld fioele.

As er ús mei'noar dounsjen sjucht,
den glimket d'âlde spylter,
nou't troch ús jonge live tsjucht
in long'rjen, wylde en wylder!

Hy hat wer d'âlde wize foun,
dy't sjongt troch d'ieuwen hinne:
in feint; in faem; de Mæijejoun,
det dy mekoarren winne . . .

Fen 't spylark sparkelt fûl de lôge
en flymt yn gyst'ne gloede
ús troch de lea, dy't nou omdôch
ús wiffe wearstân hoede . . .

II

Nou dounsje, dounsje, dounsje wij
en giselje bij pearen
aloan en wer, en wer opnij;
yninoar wei, allinne frij,
ús ta elkoar to kearen.

Dounsje! De wylde wize wol
ús ta syn dynjen twinge.
Wy binne sa oerrinnend' fol,
det hinn' en wer w'en op en dol,
dronken fen weelde swinge!

Nou dounsje wy de swetten om,
dy't ús to ing birongen!
Nou dounsje wy ús herten rom,
nou 't dizze toanen ús yn skom
fen klankeweagen fongen!

Hwet bin w'elkoarren neijer, nou't
dyn eagen speeg'lje yn minen!
En bluistrich bylkjend fiel ik nou
dyn jonge boarsten, hymjend skou,
ta myn boarst barnend tinen!

En yn it woaste weagjen kin
w' ús warleas opgean fiele!
Nou bin w' ússels net mear; wy bin
almearoan ien, ien langst, ien sin,
dy't troch de klanken wiele.

En dizze weelde wreidet rij,
sa't alle skieden wykje :
nou bist' yn mij en ik yn dij,
en aloan dounsje, dounsje wij,
ien mei it wyld muzykjen!

Ien weach, dy't oer de floeden rûzt
fen libbens melodije ;
ien strieljend sterk akkoart det strûst,
en klank mei klank toraend, oprûst
ta heger harmonije!

IT WIFFE MAEIJELOK.

Rij brúst oer de greiderannen
bloeiselskom fen hagedoarnen
ta in swiden swé,
nou't de wyn yn gyst'ne fleagen
hommels slacht forheftige weagen
troch de blossumsé,

en nou't maitiids heimich amjen
tynt yn wyld en fûl ûntflamjen
ta in hymjen wyld,
det troch lette maeije klaget
en út soele kriteren jaget
loften lij en myld.

Dêr 't oer ljochte beammeseame
weevjend woun ús stille dreamen
ta in sill'ger steat;
dêr't de tsjoen sa hoeden teante
nei it noegjen fen ús wente,
is de fealens keard.

En de bloei fen hôf en tunen
is sa wirch en slim bilune . . .
. . . Wier 't ien great forsin . . . ?
O, hwet kin ús nou skewiele,
nou 't w' oan't hert' ûntstjerren fiele
jonkheits waerm gewin?

Riker kânsen, dy't ús bounen;
al hwet wylder winsken wounen,
nimt it kriemend tij.

— — — — —
As it rûz'jen fen in núnder
wier dit lok; in wif gewynder
fen ien amerij.

NIJE MOARN.

Nou swypket swak en wirch de lije wyn
en hâldt ek noch syn lêste lúst'rjen yn.
Oer it yn dream forsille beamte rint
ien ril yet . . . en de nije dei bigjint.

Den wint de jonge dei syn wei, aloan;
en út de stiltme bloeit in rike moarn,
dy't lôget as in kleurich hjersttafriel
fen read en grien en blau en brúnzich giel!

As dizze moarn, sa blomke Fryslân nea!
De fiere greide is as ien waerme bea:
dy fen in bern, det nei in fûgel sjucht
en nou sà winske, det 't meisile mocht!

Hwet is it, det myn heuk'rich herte driuwt?
Is it de ljurk, dy't fier omhegens kliuwt?
Is it de stiltme, mei syn rynsk geniet?
Bin it de blommen; is 't in inkeld liet?

It is sa frjemd, det 'k nou yet sjonge kin . . .
De wrâld leit britsen yn syn ein gewin.
De geast is delsein en der is yet net
in rop, dy't him ta nije bloei bringt, heard . . .

Mar sinne wijt ek dizze nije dei.
Hwa scil it sizze, ho 't dy wirde mei . . . ?
Frjemd is it libben yn it wrâldsbirin:
de blom is bliid, omdat er bloeije kin.

UNTHJIT.

Dit is wol simmer's sier! Yn waerm' oerdei
wier it in bûnt biweech fen ljocht en kleuren.
Nou wirdt it nacht en jountiid's swiere geuren
hingje as wijde wierk oer fjild en wei.

Dêr is de swietrook fen it nije hea
fen flear en wylde kamperfoeljebloemen.
Yn jountiid's stiltme wol dy rynske wielde komme ;
sa sterk en ryk fynt ús it deiskoft nea!

Noust' fier yet biste, ljeafste, is dyn byld
my joun sa nei, yn dizze blanke frede.
Yn't twiljocht draechstû as in wite blom

dyn blossom yn in great ûnthjit, en myld
wytget dyn rike bloeijen my genede
fen moetsjen yn nije dage. Kom, o kom!

NACHTLIKE BOAI.

Nou is de stille kym sa wyld;
yn wolk'ne woaste wieling sonk
it ljocht; nou riist it swart, hwer't myld
en rynsk de roune moanne blonk.

Dy hong sa silvrich en sa klear;
ynfieren en ús dochts sa nei...;
stil, as er kaem, sa is er wei:
in dreambyld; 't komt... en is net mear...

Yn lije soelens, oer it mêd
sa swier it geurjen fen it hea,
En yn it stil strewel sa téd
en wirch, in sêddens ta de dea...

— — — — — — — — — —
Den 't rûzjend rûgeljen aloan
fen dikke drippen, ryp en roun.
O mylde melodij! O toan
fen treast! Ho rûkt de dampe groun!

DROEGE SIMMER.

Nou droeget skrok en skier de skrale finne ;
it fé stiet stil to drôgjen, al den dei,
en skronf'ljend skroeije yn 'e gleone sinne
de greiden, en it lêste grien wirdt wei . . .

De hjitte hynders gean' biswit en stinne,
stramplich en tyskjend oer 'e moud'ge wei . . .
In wirch hoars lyk leit dêr de ierde hinne,
migjend en hetsich nei it dreech krewi.

Gril oer de toarre, groederige groun
libbet en lôget, wimerjend fen de kimen,
it simmersk ljocht.

O, fen dy gloed' oerroun,
scil alle tier yn't neare weagjen swime!
Nea hat in wirge dei sa helpleas hime
om't myld gewynder fen in koele joun . . .

HJERST.

Nou is de simmer dea, en iere hjerst
tynt tear oer't grêf, mei goud en brúnzich blomte.
In swijen hinget yn de hoare romte;
nea hat it libben sa bistille west . . .

Yn 't drôgtjend beamte bloeit de stille rêst;
mar dit scil eine . . . , àl to ringen komt de
wylde wyn yn gyst'ne wieling, om to
skoerren fen de swiere tûken simmers lêst.

Yn libben's maitiid — as it jonge fûgelt —
sykje wy sjongsum eigen heil en lot
en bloeije barnend yn 'e lije jounen,

oan't wy yn simmer's ljocht Jins hôven founen,
en yn de hjerst ús swiere libben, God,
as ripe frucht dêr yn Jins koerren rûgelt.

HJERSTDEI.

Yn iere hjerst, tear, dizze stille dei,
nou't alle lúden wirch en dreamrich sinke
en wy de krúderige wâlme mei
forhâlden swolgjen stil en skruten drinke . . .

En dizze lichte dize, dêr't de brân
fen gleone kleuren stadich yn fortige . . .
In wûndre wijing hinget oer it lân
en biddend stiet de fromme beammerige.

Ho lij is yet Septimbers lêste skyn —
De groun is gêrstich fen in ier bidjerren . . .
O hert, hâld nou dyn fûlste bounzjen yn;
bidimje dy by dit bistille stjerren!

Ho wytgje om ús alle kimen hjoed,
de myldens fen Jins ripe frede Heare!
Mar hymjend hoartet yet ús hjerstich bloed;
wirch en ynein wol't noch syn kommen keare . . .

LETTE BLOEI.

In blom yn Oktober . . .
sa ynlik en sober
bist' yet ta bloeijen keard . . .
En dizze gloede
hat dy it moed bi-
wâlde, 't hert sa bineard . . .

Wachtsjend dyn winter
hiestû to ninter
mear sa to strieljen bigeard . . .
Nou is 't yet kommen:
groede en blommen:
nou bist' ta bloeijen by steat!

Nou biste wakke;
't ljocht hat dy rekke,
det lâns de hjerstreagen skeat
en hat dyn dreamen
drinz'ge yn streamen
barnend en blossomjend read.

En yn dit ljochtsjen
stiestû to wachtsjen;
ré . . . , en dochs skou en forheard . . .
longerjend jimmer,
det ripe simmer
dy yn syn ljeafde bisleat . . .

en yn in lêste
réens syn bêste
piid yn dyn tsjelken forgeat,
sastû dyselme
forlearst' yn 'e dwelme
fen ljeafde sillichste steat,

en yn dyn djipten
de frucht dy't sliepte,
him ta it ljocht iepenteart . . .

— — — — —
Den wirdt oan winsten,
ûnder syn ginsten
rypjend, dyn risping' noch great!

D' ALD PLEATS.

Hjir libben wy yn jonkheits fûlste dagen;
do song de Maitiid blossom oer it hôf!
Nou falle dêr de lêste blêdden ôf...
O stille wêmoed, núv're swiet to dragen...

As fûle fûgels stoarmen libben's fragen
yn wyld gewjuk ús jonge hollen dôf.
Wol wiern' ús dagen wirch, ús herten drôf
faeks... mar it doel is bleaun, dêr't wy nei jagen!

Nou is it hjerst en yn d' ûnljige jounen
kindiget de winter al syn deadskens oan...
Lit ús ús waarmje oan de gouden stounen;
yet is ús jeugd ús net alhiel ûntstoarn!

— — — — —
En yn it ynlik, bliid bitinken, founen
w'yn riker ljocht ús eigen bloei, aloan!

READE KLIMMER.

Troch de stille drôge
dêr't de dei yn stiet,
skroeistû as in lôge,
as in hymjend liet:

't bloed, det net forsomje
wol syn wyld gewin,
en yet ienris skomje
moat, ear't it sturje kin . . .

lêste lust dy't flimet
yn ien fûle fleach . . .
troch it hert, det himet,
mei in wirch geweach

— 'n bist allyk det bôge —
en ynein tobliedt,
nou 't it eardernôch to
stjerren net forstiet . . .

UNREST.

Wy, dy't ús klæiden yn in laits,
— tsjin ús bineardens faeks to licht biskûl —
dy't dwêstten yn to wyld formeits
ús libbenshonger, àl to skerp en fûl...

Yn tiid'ne fal... en sûnder stjûr;
heech yn 'e mêst in lyts en earmtlik ljacht;
sa heuk'rje wy de weagen oer...;
yn nacht en stoarm forwaeit ús wirge klacht...:

bang for de dea... en for it libben bang...
en dochs dy hjitte honger fen ús hert!
It lân is fier; de reis sa lang, sa lang...
O, to forjitten! mar wy kinne net...

STJERRENDE SWAN.

lenlike fûgel, dy't yn gjalpen stjit
syn hymjend langjen troch de hjerst'ge nachten;
dy't woune en wirch, ûnwennich en forlit
lang wjuklam al de wrede winter wachte,
wylst blide kloften, dy't de loft lâns jachten
nei mylder kym, him stjerrend efterlitt' . . .
Lyts iensum hert, det libbens wylde prachten
yet nea sa ljeave, as nou't syn krêft forgiet . . .
en yn ien lêste liet syn bange klachten
forwint en sjongend leed en dea forjit.

IERE WINTER.

I. Lêste rop.

Novimber's skiere nachten,
den geije de fûgels oer
it rûzich hôf hjar klachten;
en ienris anderje oerstjûr

for 't lêst yet wirch ús herten
op de rouwe, langjende rop . . .
Den hâlde de skroeiende smerten
fen 't longerjen einlings op.

Den wirdt it wyldste stoarmjen
fen riper stiltme dwêst;
en nei it driftich doarmjen
wint ús in wize rêst.

II. Ynkear.

Oer hjersttún's hetsige brannen
falt koeljend in dimmene skyn;
nou keare de útboude lannen
ta winterske stiltme yn.

Ho skattere lûd troch de jounen
muzykjend ús dounsjende hear!
Yn wille en wyldsín forwounen
wy sjongend it âlde sear.

Nou brekke de fleurige halen
fen't liet yn in hoartend gesnok;
it steal yn ús britsen bokalen
is de bittere winst fen dit lok . . .

III. Advent.

Nou wachtsje ynein de lannen
eft erbarmjende iere snie,
mei blanke, hoedene hannen
oerseiniget 't stjerrende sie . . .

Sa wachtsje ús wirge sinnen,
yn wylder groede forbloeid,
eft troch hjar winter hinne
in ynliker gloede groeit;

en biidzje dy suvere frede,
ynmoedich, ré en stíl:
de frucht, dy't pas út nedden
en earmoede rypje scil.

WINTER.

Swier wiel't de dize del yn lette moarn,
it bleke ljocht kin 'm der net oan ûntwine.
Oer pleatsen, beammen en it winterkoarn
scil tsjin 'e joun gjin rosse gloede tine . . .

Yn dizze stiltme liket alles stoarn,
al 't libben ta de dea bistjurre; yn 'e
bidompen skierens kin myn lûd gjin toan
en kin myn hert gjin waerme wirde fine.

Gjin fleur'ge sangen en gjin blide mie
wol wytgjend nou de tryste siel' forromje.

Ik huverje en 'k sjuch sût'rich yn 'e snie
hwet skiere skiep, dy't wirch en heuk'rich klomje . . .

Mar djip yn wrede groun wit ik it sie . . .
Scil net to-maitiid d'ierde opnij wer blomje?

DIZIGE KRYSTTIID.

Nou net mear 't heimmis fen in stille Oktober
en net mear 't iep'ne fen de iere snie . . .
Hwer is de kleare gloede keard, dy't sober,
ynbannich troch de hjerst to strieljen stie?

Foarbij de simmer, dy't de tunen sierde;
de Maeijesinne; 't sjongen fen de ljurk.
De kleuren binne dwêst . . . nou swymt de ierde
en stjert yn't swijen fen it swiere swirk.

Sa liket 't libben leech, en sûnder sin,
skier en yn-ein faeks; yn de dize kin
't hert net mear hoopje en gjin takomst sjen,
en 't klaget wirch en wif: alles forlern . . .

O God, kinstû yet laeitsje yn dit bern?
Leist' yn'e lêste leechte dochts in nij bigjin . . . ?

BEA.

It wiffe taesten fen ús hoed'ne hannen;
yn tiid'ne wraks'ljend ljocht ús twiivlich stjûr . . .
Wiis ús it goeije paed, God, troch de lannen
dy't sleine fen de stoarmen, fûl en njoer,

tobritsen wachtsje, oan't fen rike strannen
in nije maitiid skomm't de greiden oer;
Oan't 't libben riist en yn syn hillich fjûr
mei nije krêft toskoert de âlde bannen.

Lit ús de witnis fen ús great bisit:
yn libben's swiere nacht ryk wêze to kinnen
yn great bitrouwen op de dei, dy't komt.

Lit ús de wielde fen Jins rynsk ûnthjit:
yn nije dage riist fennijs de sinne,
en yn de moarntiid bloeit it swide blomt!

ALD EN NIJ.

Joun steane wij allinne,
o God, foar Dij. —
Wij scoene wrâlden winne . . .
Hwet binne wij,
nou't alles om ús hinne
falt om ús wei . . . ?

Wy wounen dochs wol folle,
libben sa fel . . .
Mar nou't wij't neame wolle,
swije wij kjel,
en gean ús greatske hollen
stadich foardel . . .

Fen wrâldske skyn bidragen
folgen wij faek,
hwet hert en sinnen hage ;
en taek bleau taek . . .
Nou is fen al ús dagen
skeamel 't gemaek . . .

Sa hat ús libben spritsen
en skildich sein. —
Wy steane stil bilitsen,
lyts en forslein ; —
ús hannen leech . . . tobritsen
't hert' en ynein . . .

Nou bûgt de stive nekke;
fall' hannen gear:
Dû scilst Dyn doemwird sprekke,
de lêste kear . . .
Scil ús Dyn grime brekke
en den neat mear . . . ?

— — — — —
O God, nou wytgest rij en
treastlik forwin;
Dyn Ljeafde dy't bifrije
en drage kin!

— — — — —
Sa groeit út skild en lijen
ús nij bigjin!

YNHALD:

	side
Ynset	3
„Frühlings Erwachen“ I, II, III	4
De jongfeint	8
Opstanning	9
Aprildei om utens	10
Bloeiende kastanjes	12
Mattiid	15
Czardas I, II	17
It wiffe Maeijelok	20
Nije moarn	22
Unthjit	23
Nachtlike boai	24
Droege simmer	25
Hjerst	26
Hjerstdei	27
Lette bloei	28
D'ald pleats	30
Reade klimmer	31
Unrêst	32
Stjerrende swan	33
Iere winter	34
I. Lêste rop	
II. Ynkear	
III. Advent	
Winter	37
Dizige Krysttiid	38
Bea	39
Ald en nij	40

Firma J. Kamminga, Dokkum 1936.
Teikening E. Caspers.